

Redaksjoneel

In ‘hy’ komt yn de kunde mei in ‘hij’, yn it ferhaal ‘Nee, in persoan’ fan de jonge skriuwer Joël Huitema (*1995). In Fryske toerist triuwt in Deen oer de râne fan in klif (in koart ferhaal fan Johannes Beers). De lytse Admiraal Tom Pouce wurdt gemien narre, en der fynt spontane generaasje pleats yn it terpdoarp W. – neffens in nije fertelling fan *Rink van der Velde*-laureaat Anne Feddema.

‘Spontane generaasje’ wie in tige klassike biologyske teory dat libben ûntstean kin út deade matterje, dy’t yn de rin fan de 19e ieu definityf wjersprutsen waard. – Joël Huitema syn ferhaal ‘Nee, in persoan’ hat lykwols mear mei Plato as mei Aristoteles. Wa’t mear witte wol oer de foarnamwurden ‘hij’, ‘hjer’ en ‘hjyn’, ferwiis ik nei syn iepen brieven oan de Fryske taal op it *Y-Skrift* fan Skanomodu.

Oer de grinzen sjen, hokfoar grinzen ek. Us redaksjelid Geart Tigchelaar sil dat letterlik nimme: syn fytsreis om ’e wrâld sille jo skielk mear nijsgjirrichs oer lêze kinne. Foar no, Geart,

God rejse... hyvää matkaa... szczęśliwej podróży... drum bun... iyi yolculuklar... жолыңыз болсын...!

André R. Looijenga

Ynhâld

3	Redaksjoneel
4-8	Joël Huitema <i>Nee, in persoan</i>
9	John Bosma <i>even gelyk no</i>
10-11	A.R. Looijenga <i>Brief tsjin de ynklinking</i>
12-14	Johannes Beers <i>It klif</i>
15-19	Bouke Slofstra <i>Yn goed lêsber Mid-frijsch</i>
20-25	Piter Boersma <i>De djipte fan Tjerne</i>
26-36	Willem Winters <i>Hûndert jier Dada</i>
37-47	Janneke Spoelstra <i>Om de safolle tiid in nije Skandinavyske brêge</i>

- 48 Margreet de Jong
 flinterfolk
- 49-58 Anne Feddema
 Wûnderdei
- 59-60 Geart Tigchelaar
 Ljouwert, 29-2-2016: Goeie, Elmar!
- 61-63 Elmar Kuiper
 Ljouwert, 16-3-2016: Ha dy Geart,